

Nieuwe Oogst, 21 jannewaris 2017

Boaiembehear kriget by maisteelt noch altyd te faak net foldwaande oandacht

Folymais fertsjinnet better

Folymais kaam acht jier lyn út Ierlân wei nei Noard Nederlân. in echte trochbraak nei in grut areaal kaam der net. 'Ik sjoch it oars,' seit de belutsen leanwurker Mark Wiersma út it Fryske Brantgum. 'Tsjin de trend yn fan minder maisteelt yn Nederlân wist folymais stadich terrein te winnen.'

Mark Wiersma is leanwurker yn Brantgum. Hy is ien fan de leanwurkers dy't in masine út Ierlân helle om neist tradisjonele mais folymais siedzje te kinnen. Yn gearwurking mei Leo Bil dy't wurket foar Nxt Fertilizers en foar Profytodsd en Tom Crien en fan Maissied-leveransier Maïsadour Semences lei Wiersma de ôfrûne jierren praktykproeven oan om de teelt te monitoaren en optimalisearjen te kinnen. De mannen fertelle oer de evolúsje dy't de teelt trochmakke. 'Folymais kaam nei Nederlân om mear wissichheid foar rispen te kreëarjen,' wit Bil noch. 'Op de klaaigrûnen yn Noard Nederlân wolle in protte boeren graach betiid rispe. Mar foldwaande kwaliteit en opbringst binne ek winske of eins needsaak. Yn de tuskontiid binne der meardere rassen ûnder foly beskikber om betiid te rispen en hege opbringsten te realisearjen.' Crien folt oan: 'By tradisjonele maisteelt kinne jo yn Noard Nederlân gjin letripe rassen riskearje. Dat type rassen ha jo wol nedich foar hegere droege stof opbringsten en setmoalgehaltes. Trochdat foly it proses opdriuwet, krije boeren hjir mear mooglikheden. Jo kinne dêrmei echt ynsette foar goeie opbringsten mei in heech setmoalgehalte,' seit er.

Spylromte

'Of jo kieze der bewust foar om earst in sneed gers te meanen om dêrnei noch in akseptabele maisrispinge te realisearjen. Folymais jout spylromte en kâns om ferskillende strategyen ta te passen foar in optimale opbringst de hektare.' Dizze claims waarden acht jier lyn ek lein op folymais. De praktyk liet it net altyd sjen, erkenne de mannen. 'Mar de kennis fan hokker rassen geskikt binne by de strategy dy't de kweker tapast, betiid siedzje of krekt letter nei de earste sneed gers, is no folle better ûntwikkele,' seit Wiersma. Wat de groei fan de teelt ek yn 'e wei stie, wienen negative ferhalen. Neffens de leanwurker waard der foly op 'e merk brocht fan in mindere kwaliteit, dat wol ûnder deselde ymporteursnamme ferkocht waard. 'Sokke saken leverje negative praatsjes op.' Dy perioade fan negative ferhalen wolle de mannen efter harren litte. Leaver rjochtsje sy harren op it belang fan goed boaiembehear. 'Foar alle maisteelt essinsjeel, mar seker by folymais,' seit Wiersma. 'Dêr mankearre it yn de earste jierren fan de teelt yn Nederlân oan, mar ek no noch te faak. As de opbringst of kwaliteit dan ôffalt, krijt de foly de skuld. Dat is net terjochte.'

Wa't no noch syn maisperseel omploeg, is eins al te let

By goed boaiembehear doelt de leanwurker op in goeie ûntwettering fan it perseel en de needsaak fan in bêd dat frij fan kluten is. 'Kluten prikke troch de foly hinne wêrtroch it proses fan it opwaarmjen fan de boaiem en flugger útspruten fersteurd wurdt,' leit er út. 'En wat de ûntwettering oanbelanget: as er ienkear foly leit, kinne jo eins net mear op it perseel. In maisperseel dat tradisjoneel siedde is en ûnder wetter driget te reitsjen, kinne jo faak noch helpe mei in greppelfrees, al is dat fansels net ideaal', ferfolget Wiersma. 'Ynset moat gewoan altyd wêze dat it perseel perfekt klearleit foar de teelt. Dêr heart ek op tiid ploegjen by. Wa't no noch syn maisperseel omploeg, is eins al te let. Novimber en desimber binne dêr de geskiktste moannen foar. Sa krijt de grûn tiid om him te herstellen.'

Proeffjild

Wa't dêr soarchfâldich mei omgiet en folymais ferbout, komt gemiddeld echt op hegere opbringsten út. 'Dit jier ha wy yn Holwert op ien perseel folymais en tradisjonele mais neist elkoar siedde. It sied gie der yn op 12 maaie en alles is op 5 oktober rispe', fertelt Crienen. 'De folymais befette 37 prosint droege stof mei 994 VEM en 416 gram setmoal. De tradisjonele mais liet 27 prosint droege stof sjen mei 809 VEM en 216 setmoal. Dat foarbyld is ekstreem, mar gemiddeld mjitte wy ek in plus fan rom 7 prosint droege stof.' Dat boeren de lêste tiid dochs net massaal op folymais oerstapt binne, kin neffens de mannen dan ek net oan de potinsje lizze. De ynvestearring yn de foly foarmet meastal wol in drompel. Dy leit op 300 oant 350 euro de hektare. 'Wy leauwe dat jo dy ynvestearring der grif úthelje, mar it kostet tiid om minsken dêr fan te oertsjûgjen', wit Crienen. Wiersma: in protte boeren sizze: 'Sa ha wy it altyd dien, dus hâlde wy dat sa.' Spitich, mar wy binne net negatyf stimd. It totale maisareaal yn Nederlân gie de lêste jierren omleech, mar folymais net. Foarich jier waard rom 650 hektare ûnder foly siedde, dêrmei groeit de teelt stadich troch. Mei folymais helje jo garandearre 350 gram setmoal en gemiddeld tusken de 380 en 420 gram. Ik ferwachtsje dat soks in protte minsken oantrunet om it ek te besykjen.'

Boaiem aktivearje

Op de proeffjilden dy't de partijen mei-inoar folgen, ha se ek proeven dien mei boaiemaktivator Explorer 20. Dit is in fosfaatfrij tafoegjend middel dat 67 euro de hektare kostet. Sawol by folymais as tradisjonele ferbou leinen de opbringsten 7 prosint heger by it brûken fan dit middel,'seit Leo Bil. 'Wat opfalt, is dat it de groei fan de plant beynfloedet. De woartels wurde steviger en ek de plant sels. Hjirtroch is er better beskerme tsjin wetter en wyn en groeit er better troch.'